


23-2-'99

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

GOLDEN

IT SKIEPPESTURTSJE

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

Redaksje-adres:

J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:

Thea Huitema
Sylroede 17 (til. 0515-579595)
Trudy Witteveen
Beabuorren 1 (til. 0515-572549)
Joop Nota
Waltawei 39 (til. 0515-579499)
Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 0515-579348)
Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 0515-579768)


Typewurk:

Gjertje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsilwurk:

Henk van der Zee

23-e jrg. Nûmer 2, juny 1999



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Untwerp omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:

Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekkeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan

“bydrage 't Skieppesturtsje” en it jier dêr't it betrekking op hat.

Foarwurd fan de redaksje

'Mooi weer en lange dagen.' Buiten schijnt volop het zonnetje. Tjerkwerd zwemt, zeilt, fietst erop uit, ligt op het strand, pikt een 'heamiel'-terrasje in Bolsward, feest aldaar op straat of geniet van het fraaie weer in eigen tuin. Wie heeft nu nog niet het zomergevoel?

Ik begin dit voorwoord met een woord van dank aan ons redactielid Ineke Dijkstra. Ineke en Jan zijn inmiddels verhuisd naar Sneek. Een paar weken geleden zijn we bij hen op bezoek geweest en mochten we de nieuwe woning bewonderen. Een schitterend huis, fraai gelegen aan het water. Me dunkt, dat ze zich hier spoedig thuis zullen voelen. Vanaf deze plaats wil ik, namens ons allen, graag mijn waardering uitspreken voor haar plezierige inbreng en inzet. Hadden we een vergadering en het werd wat later op de avond, dan bleef Ineke (als enige?) heel serieus en met de bril half óp de neus (tja, een beetje eigenwijs is ze wel) checkte ze dan nogmaals de ingekomen stukken. Wel, daar hadden wij dan allang de puf niet meer voor.... Alle gekheid op een stokje. Jan en Ineke, heel veel plezier in jullie nieuwe omgeving en veel geluk toegewenst!

Wie vult de vacante plaats in? Welnu, Thea Huitema (van de Sylroede) zal binnenkort onze redactie gelederen komen versterken. Hardstikke fijn, dat je met ons mee wilt doen Thea. 'Fansels tige wolkom !'

Tjerkwerd telt ook dit jaar weer een heleboel geslaagden! Voor sommigen 'mei pine en muoite' over de streep, voor anderen een makkie ! (is 't zo?) Het zweten en zwoegen is beloond. En dus van harte gefeliciteerd! En nu maar een week of wat lekker uitrusten, genieten en pierewaaaien. Dat laatste betekent zoiets als 'netjes gekdoen!'

Het kost me enige moeite dit voorwoord te vullen. 't Zal vast vanwege het mooie weer zijn. Ik stop dan nu ook maar, want ik lust wel een koud pilsje.

Zomer betekent ook: vakantie vieren! Waar u ook heengaat; alleen of met uw gezin, dichtbij of ver weg? Ik hoop dat u/jij heel veel zult zien, veel mag beleven en vooral genieten. Reis en rij voorzichtig a.u.b. !.

Vriendelijke groet,
H. van der Zee

Hindrik de Haan op 'e praatstoel

(diel 2)

troch Gerben D. Wijnja

De grutte sniewinter fan 39-40

Hindrik fynt it tiid wurden foar in sigaarke. As er in reekwolk de keamer ynblaasd hat, fertelt er fol fjoer fierder.

"It wie doe yn dy grutte sniewinter fan 1939-40. Ik wie dus by bakker Folkert Stuur op it Súd yn Warkum telâne kommen. Ik hie earst in sliepplak boppe de keamer, mar letter bedarre ik achter yn de keuken. De winter wie aardich streng. Ik hie twa pear sokken oan en noch wienen de fuotten my kâld. It wie dêr damp en fochtich dat de tekkens wiene moarns beferzen. Ik wie doe in soad by myn maat. Dat wie Melle de Jong. Op in jûn kaam ik nochal let thús. De doar wie al op slot. Achterhûs koe ik in rût omheech krije. Ik die in foet dertroch en waard doe oan 'e poat lutsen. Wat foar ynbrekker ha wy dêr. Jo kinne wol oan 'e doar belje, wie de reaksje. Sa kin't wol, hie 'k tocht, mar ik moast op 'e tiid thús komme."

Op in dei hie syn maat Melle yn 'e krante lêzen dat der yn Tsjerkwert in bakkersfeint frege waard.

Hindrik hie it dêr yn Warkum net sa bêst: in min sliepplak, net safolle lean en de bakker fûn dat er syn broadsje wol sûnder wat derop ite koe. *"Jo kinne sa wol ta"*, hie Stuur sein. Gjin wûnder dus dat er wol ris om him hinne sjen woe nei in better plak.

Nei Tsjerkwert

Sadwaande sette er op in dei allinne op 'e fyts nei Tsjerkwert ta.

"Ik siet dêr in skoftke by bakker De Jong. Doe sei er, ik koe 4 ½ gûne de wyks krije. Ik sei op 't lêst: "Jou my mar wat ik wurdich bin, want jo witte noch net iens wat ik kin." Ik mocht wol ris in bôle ôfweagje, mar net opmeitsje. Dat doe sei De Jong: "Jo moatte mar foar de oven."

Sa waard Hindrik nei in perioade fan in heal jier yn Warkum ovenist yn Tsjerkwert. Men wie dan in soart stoker. Alles wat der makke waard yn de bakkerij die Hindrik yn de oven en hy moast it guod der ek wer op 'e tiid úthelje.

Bakker de Jong hie in bôle- en beskûtbakkerij. Hy grossierde yn beskût foar sawat de hiele Súdwesthoeke. It moal dêrfoar wie yn dy tiid lykwols net sa maklik te krijen. Hy moast doe wol trije feinten dien jaan. Dat wiene Paul Bonnema, Auke Antonides en ...Hindrik de Haan.

Earmoede by de Skuzumer doarpsbakker

Hindrik moast eins yn tsjinst. Mar yn Skraard hie bakker Breimer ferlet fan in needhelp. Dêr hat Hindrik doe in heal jier omslein. Doe hie Evert Salverda fan Skuzum in feint nedich. Hy kaam by De Jong yn Tsjerkwert dy't him ferwiisde nie Skuzum. Hindrik krige fan De Jong te hearen dat Salverda wurk foar him hie.

Sa bedarre er yn de doarpsbakkerij fan Salverda yn Skuzum.

De oven waard stookt mei takkebosken dy't achter op it hiem leine. Fierders wie der in turfsolder. Turfskipper Bouma út Makkum kaam mei in seilpream foar de wâl en dy brocht sels de turven op 'e solder.

"Dy solder kaam hielendal fol te sitten mei turf. Der wie allinne noch in smel paadsje oer en op 'e ein dêrfan wie in doar. Dêrachter wie myn sliepkeammerke. Dat wie boppe de bakkerij, mar it stigde der lykwols noch wol hear."

De Haan wit noch krekt hoe't er de oven ynrjochtsje moast: *"Fjouwer bultsjes turven kamen der yn twa rigen yn en dêr kaam in takkebosk tusken. Dan moast de brân der yn. Mei in skoattel skode ik alles kreas teplak. Mar letter kaam der in hytwetteroven. Dy stookten wy mei stienkoal."*

"It wie dêr klearbare earmoede. Sawol saaklik as privé. As wy ite soenen, kaam der in âld bakkerijstoel foar 't ljocht. Dêr moast ik op sitte. Niks gjin stoel út de keamer. De kost wie oars wol aardich goed. Se hienen in soan, Ynze hiet er. Dy wie wat wantrouwich. Alles moast altiid goed ferskoattele wurde. Mar doe waarden de minsken dêr siik. Diftery, net bêst. De bakker rekke yn't sikenhûs fan Harns. Hy kaam dêr yn in barak te lizzen fanwege it besmettingsgefaar. Der stoar in dochter oan diftery en twa oare dochters waarden ek siik. De âld frou Boukje lei ek al op bêd dat lytse Seakle waard nei beppe stjoerd. Bewenners fan Skuzum seine, doe't de sykte dêr útbruts: "Wy wolle dêr gjin bôle mear wei ha hear."

It wie yn dy minne omstandichheden dat Hindrik dêr tsjinne. In drege tiid dus. Op in dei woe Ynze nei syn heit yn Harns. Mar hy doarde der net hinne fanwege de Dútsers. Hindrik woe doe wol.

"Wy bakten doe noch wol bôle foar ússels. Wy hienen sa'n 200 bôltsjes makke en 10 naam ik mei nei Harns. Ik wie wol nijsgjirrich hoe't it mei de baas gong. Dat ik frege hoe't it der mei gie. Mar doe sei er: "Wat kin jo dat no skele. Dêr ha jo niks mei noadich." Ik fertelde dat ik broadsjes foar him meinommen hie, mar dêr hie er gjin ferlet fan. Dat ik ha de broadsjes wer mei werom nommen op 'e fyts nei Skuzum."

It wie dêr neffens Hindrik in sike bende. Hy moast help ha. Syn suster Geartsje út Ljouwert waard skille en dy kaam dêr tydlik yn 'e gaos. De âldste dochter Lokke wenne by de Piamer Koaitille en om't der yn de bakkerij gjin slieperij wie, kaam Geartsje by Lokke útfanhûs. Oerdeis holp se mei itensiden, waskjen en himmeljen.

Aventoer mei Seakle Louwsma

Op in dei sette Hindrik mei syn maat Seakle Louwsma de seedyk op. Se soenen fan Skuzum binnentroch nei Piaam. By de seedyk wie in útkykpost en dy moasten se foarby. Ynienen wie't: *"Halt! Du bist Bakkergesel"*


Hindrik wie yn tsjinst fan de 'voedselvoorziening' en gong frijút. De wacht wist lykwols noch mear fan Hindrik en dêr waard er wol kjel fan.

"Jûns sliepen wy as maten wolris yn 'e skûlhutte oan 'e râne fan Skuzum. De yngong koe de Dútser fanút syn hege post wol sjen. Mar dy wacht sei doe tsjin my dat wy de yngong op 'e oare kant meitsje moasten, want hy seach ús altiten kommen en gear. Der wiene dus ek wol goede Dútsers, is 't net!"

Mei oaren gong it wol folle minder. Sa waard Teunis Hardenberg op in dei oppakt om't er de sokken der yn sette doe't er soldaten oankommen seach. Dat fertrouden se net en doe ha se Teunis nei Dútslân stjoerd. Nimmen hat him yn Skuzum ea wer sjoen.

De Skuzumer tiid siet der foar Hindrik nei in pear jier wer op. Yn 1944 kaam er by bakker De Jong yn Tsjerkwert werom. Oer dy tiid mear yn 't kommende nûmer.

Yn 'e oarloch hat Hindrik noch in skofke by de tram west als "Lukheiser". Siz mar fan stoker. By de Harlingervaart waard seesân opspuite en dêrnei ferfierd nei it fleanfjild foar ferbettering dêrfan. Dêrfoar wiene sa'n tweintich lokomotyfskes fan Orenstein & Koppel yn aksje. Hindrik stiet twadde fan lofts.



Hindrik de Haan hat in skofke yn it sikenhûs trochbringe moatten. By it reaneitsjen fan dit nûmer die bliken dat er wer thúskomme koe. Wy hope dat wy meikoarten wer ris mei De Haan om 'e tafel kinne om oantinkens op te heljen oer it Tsjerkwert fan eartiids.

Reiske 60 + Soos fan Tsjerkwert

We kregen een uitnodiging van Hinke en Alie, het bestuur van onze soos, voor het jaarlijkse uitstapje , voor leden en eventuele gasten. Men kon zich opgeven tot eind april.

De deelname was verrassend, totaal 31 personen. Dat de bus was mooi bezet. Het reisdoel was een verrassing, Wel met de bus en voor iedereen, ook al was men slecht ter been. De datum was 5 mei, dus een feestdag. Wel, het werd een feestmiddag, gezellig, gezellig.

De start was 1 uur n.m. precies op tijd vertrok de bus richting Bolsward, linksaf richting Afsluitdijk. Ondergetekende dacht toen al, dit gaat naar de bollen en dat was goed gedacht. Hinke heette ons allen van harte welkom. Het doel was Medenblik, het bakkerij museum. Daar konden we genieten van een lekker bakje koffie met koek. Ver er konden we onder rondleiding het museum bezichtigen. Heel interessant, er werd op de oude manier gewerkt en gebakken. Velen gingen dan ook met een gevulde tas weer in de bus. Medenblik is een leuke, oude stad aan de IJsselmeerkust. Van wandelen kwam niet veel meer terecht, vanwege de tijd. Kwart over drie waren we weer bij de bus, en gingen richting Anna-Paulona naar de bollenvelden. Het bollenseizoen liep op het laatst, dat de velden waren minder kleurrijk. Anna-Paulona is een echt streekdorp in de polder. Men had het dorp versierd met veel bloem-mozaïken , prachtig werk!

Het mooiste mozaïk vonden we, de strijders "voor vrijheid en vrede" met o.a. Anne Frank, Ds. Luther King, moeder Theresa en Ghandi . Dit werd beloond met een ereprijs. Ook nog een prachtig wandbord was er te zien, verder veel teletubbies. Echt de moeite waard. Half zes werden we verwacht voor een koffietafel te Breezand. Lekker! De stemming zat er dan ook goed in. Opgewekt stapten we daarna weer in de bus richting Tsjerkwert. Onderweg zongen we onder leiding van Hinke nog enkele liederen afgesloten met het Wilhelmus (5 mei) . Okke bedankte op humoristische wijze het bestuur voor de organisatie en de reis. En toen vertelde Alie haar vreemde droom, die ze voor de reis had gehad! Het werd een spannende vreemde reis. Wat hebben we gelachen, iedereen kwam in haar droom voor, en het werd een bont spektakel. Na het wakker worden

bedankte Alie ons en wenste ons wel thuis.

Precies 8 uur kwamen we met een voldaan gevoel weer thuis.

Fokke Gietema.

Fan 'e molepôle

Neidat yn it ôfrûne jier de skoallemienskip Magister Alvinus út Snits mei learlingen út Noarwegen en Mallorca op besite west hie, kamen ek de learlingen fan basisskoalle “de Bron” út Boalsert en dy hiene in “getrapte bemealling makke.

Dit jier wie it al wer betiid los: op 10 maart kamen 25 Atheneum-learlingen fan de Statsskole út it Deenske Randers op besite. Om in streek te besykjen dy't ûnder seenivo leit en in eksposysje hjiroer yn it Polderhúske is foar sokke minsken tige nijsgjirrich. It wie spitich dat de mole troch te min wyn net yn beweging te krijen wie. Doe ha ik mar sein dat de Deenske wynturbines alle wyn opslokten. Mar doe't dy ek stean bleaune om't de wyn him deljoech, gong dat ferhaal ek net mear op.

Ek kamen der groepen 5 en 6 fan de Reinbôge fan master Steen op besite. Nei in soad fragen oer mole, wetter en wyn wie de middei yn it Polderhúske samar om. Fuort dêrnei kamen út Reahûs twa groepen fan de Sint Bonifatiuskskoalle.

Internetoansluting

Dat de Beabuorstermole ek op internet kommen is, kin foar bûtenlâns besik noch wolris fertuten dwaan. Elts oer de hiele wrâld dy't in internetoansluting hat kin troch it yntypen fan <http://www.tem.nhl.nl/~smits/babuur.htm> de Beabuorstermole as in moaie kleurprint op it skerm krije.

(ek op <http://members.xoom.com/DeUtskoat>) (redaksje 't Skieppesturtsje)

No soe boppensteande “letterbrij” fan ôfkoartings eins ek yn it Frysk

fertaald wurde moatte. Lykas http (hypertekst transfer protocol) in samling fan ôfspraken of yn it Frysk : hielendal tagonglik troch transport.

Www = wurket oer wide wrâld (krekt as de Skieppesturt!)

tem = tinke en meiwurkje (part fan de server)

nhl = noardlike hegeskoalle Ljouwert

nl = Nederlân

smits = namme fan de meiwurker

babuur sprekt foar himsels

htm(l) = hielendal yn talen makke (lykas yn it Polderhúske)

fansels binne dizze ôfkoartings nedich om safolle mooglik op in lyts plakje te hâlden. Sa kin der op in skyfke fan 4,5 inch likefolle berge wurde as op 150.000 siden A4.

Apesturt

En no binne de Tesa cellotape fabriken yn Dútslân oan it probearjen hoefolle as der op in rôltsje cellotape kin fan 19 mm breed en 10 meter lang. En der kin dan wer fiif kear safolle op as op in cd rom skyfke. Wês dus sunich mei sellotape, it kin bêst noch ris krap wurde.

Wat hiel nijsgjirrich is yn de kompjûtertaal is dat der in teken brûkt wurdt dat "apestaartje" @ neamd wurdt, No hie ik lykas de measte bern foarhinne op skoalle ek in skelnamme. Elts dy't Pier hiet waard faak Pier Apesturt neamd. Tsjintwurdich wurdt dit "apestaart" teken brûkt as skiedingsteken yn in adres tusken namme en wat der mear by heart. Dit stikje kin ik dus moai beslute mei

Pier @ Beabuorster Mole

Stichting Windkracht Tien Wynpark Beabuorren BV

Onlangs hebben wij u kunnen berichten omtrent de eerste uitkeringen vanuit de opbrengsten van de windmolens. Wij willen de verenigingen enz. alvast mededelen, dat wij ook dit jaar wederom een uitkering in dezelfde orde van grootte zullen doen. Na de vakantie komen we hier op terug.

Tevens willen wij u weer even informeren omtrent de opbrengsten van de 5 molens over het 2^e halfjaar 1998 en het 1^e kwartaal 1999:

1998	Mwh		1999	Mwh
-----	----		-----	-----
juli	557	okt. 943	jan.	799
aug.	472	nov. 364	febr.	805
sept.	482	dec. 672	mrt.	428

Zoals u hieruit kunt opmaken is oktober een mooie uitschieter naar boven geweest, doch de windstilte van de maand november kwam er hard overheen.

De gemiddelde maandproductie over 1998 kwam uit op 570 Mwh. (1997 : 420 MWH)

Het bestuur

Mededelingen Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Het bestuur van Dorpsbelang Tjerkwerd e.o. bestaat uit de volgende personen:

Anneke Feenstra	voorzitter	Bolswarderweg 1A	tel. 57 73 70
Aggie Ouderkerken	secretaris	Waltaweg 35	tel. 57 92 24

Anna Gietema	penningm.	Hemdijk 1	tel. 57 91 56
Wieko Hekkema	lid	Sylroede 16	tel. 57 98 98
Bertus Walsma	lid	Eemswouderlaan 5	tel. 57 26 18
Anne de Vries	lid	Singel 10	tel. 57 94 80
Jelle Feenstra	lid	Jousterperweg 6	tel. 57 96 26

Verder zijn er brieven naar de gemeente Wûnseradiel gestuurd over:

Het geplaatst krijgen van verkeersborden op de Waltaweg. De bedoelde verkeersborden moeten weggebruikers attenderen op overstekende kinderen. Aangezien de verkeersdrempel op de Waltaweg erg laag is, gaat hier geen preventieve werking van uit. Erger nog: het nodigt weggebruikers uit om met onaanvaardbare snelheden over de verkeersdrempel heen te rijden. Als wij nu met zijn allen de snelheid aanpassen, dan zal dat de algemene veiligheid bevorderen. Niet alleen van uzelf maar ook van de overige bewoners van ons dorp en met name de kinderen!

Hondenpoep overlast op het fietspad van Tjerkwerd richting Eemswoude. Als Dorpsbelang zien wij graag een afvalbak voor hondenpoep geplaatst aan het begin van het fietspad zodat hondenbezitters de uitwerpselen van hun hond daarin kunnen deponeren. Hondenpoep overlast niet alleen een verantwoordelijkheid van gemeente, Dorpsbelang of wat voor instelling dan ook, maar het is ieders verantwoordelijkheid om zijn eigen rommel op te ruimen!

Graag uw aandacht hiervoor.

Het plaatsen van openbare verlichting op de Hemdijk bij de inrit met de huisnummers 3,5 en 7.

Bij slechte weersomstandigheden is de inrit vaak moeilijk te herkennen waardoor er gevaarlijke situaties kunnen ontstaan voor de op dat moment aanwezige weggebruikers.

Daarnaast speelt nog steeds de parkeeroverlast op de Waltaweg. In het begin van de Waltaweg geldt voor beide kanten een parkeerverbod. Enerzijds wordt dit aangegeven door middel van een verbodsborden aan de andere kant is dit aangegeven door middel van een gele streep. Bovenstaande problematiek is verschillende dorpsbewoners een doorn in het oog omdat ze voor gevaarlijke verkeerssituaties zorgen en de doorstroming van met name vrachtverkeer belemmeren. Hierbij willen wij u verzoeken om hier niet meer te parkeren! U loopt namelijk het risico dat binnenkort foutparkeerders op de bon worden geslingerd! Het is natuurlijk niet leuk voor degene die het overkomt, maar aan de andere kant zal het voor toekomstige foutparkeerders preventief werken.

Bestuur dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

It Pjuttehonk fan Dezjum, Hieslum, Parregea, Tsjerkwert

It Pjutteboartersplak is meastentiids de earste stap bûten it gesin.

Tsjintwurdich is it tige wichtich dat in pjut mei berntsjes fan syn eigen leeftyd boartsje kin.

It befoardert de motoryk, de sosjale en emosjonele ûntwikkeling en taalûntwikkeling.

De bern leare it jaan en it nimmen, leare harren oan te pasjen yn in groep en leare de mooglikheden en ûnmooglikheden yn dy groep. En dat allegearre ûnder lieding fan in diplomearre liedster.

De bern kinne op tiisdei- en of freedtemoarn terjochte yn it Waltahûs yn Tsjerkwert fan 9.00 oan't 11.00

Pjuten fan 2 oan't 4 jier binne fan herte wolkom.

Alders meie frybliuwend in kear delkomme mei har pjut om te sjen hoe it om en ta giet op in pjuttemoarn.

Foar mear ynformaasje kinne jo skilje nei:

Bestjoersleden	Sietske Nieboer	57 96 57
	Anita Hekkema	57 98 98
Liedster	Karin Harkema	57 93 33

It bestean fan ús pjutteboartersplak "It Pjuttehonk" wurd dit jier swier bedrige troch allegearre djoere rigels en wetten, dy't ús in protte jild kostje moatte.

Om't de gemeente ús dêr net yn te mjitte komt, freegje wy no yn de doarpen wat omtinken foar ús jildpine.

De âlderbydrage giet fiks omheech mar kin noch net alle kosten hoedzje.

De kommende tiid sille wy dan ek mei aksjes in oanslich op jo ponge dwaan. Mar wa't salang net wachtsje kin, en beslist net al it jild yn 'e fakânsje opmeitsje wol, kin al fêst tinke oan in jefte foar "It Pjuttehonk".

Jo kinne dit oermeitsje op **Banknr. 2153.42.208**

of yn in slúfke oan ien fan de bestjoersleden jaan.

Wy soene d'r tige bliid mei wêze!

Minsken mei grutcre bern dy't noch goed deeglik boartersguod en of trekkers, fytskes e.s. stean hawwe, en it wol kwynt wolle, kinne fansels ek oan ús tinke.

Foarsitter	S. Nieboer, Jonkershuzen 3, Tsjerkwert
Skriuwer	A. Hekkema, Sylroede 16, Tsjerkwert
Ponghâlder	G. Zandstra, Trekwei 142, Parrêgea
lid	H. de Jong, Idserdawei 1, Hieslum
lid	K. Huitema, Waltawei 9, Tsjerkwert

Oranjevereniging

Van de Oranjevereniging:

Terwijl de voorbereidingen voor het dorpsfeest alweer in volle gang zijn, willen we nog even terugkomen op Koninginnedag.

Een geslaagde dag, mede dankzij het prachtige weer!

Het korps bracht de kinderen, waarvan er velen prachtig verkleed waren, naar het sportveld waar de ballonnen op het teken van voorzitter Salvatore de lucht in gingen. De reis van de ballonnen verliep voorspoedig, er kwamen twaalf kaartjes terug o.a. vanuit de Flevopolders en Twente. De winnaar is geworden: Ruben v.d. Zee, zijn ballon kwam terecht op het terrein van Universiteit Twente te Enschede. Alle kaartjes en eventuele ballonresten zijn inmiddels bij de kinderen afgeleverd.

Het volleyballen en kaatsen verliep voorspoedig. De volleyballers waren voor de geplande middagpauze al uitgespeeld, bij de kaatsers duurde het even langer. Spannend was het wel. Voor de winnende parturen was er een krans, voor de teamsporters was er een medaille. Ook de kinderspelletjes verliepen voorspoedig, mede dankzij de hulp van enkele hulpvaardige moeders, hiervoor nog hartelijk dank! Als alles een beetje soepel wil verlopen, kunnen we niet zonder hulp van vrijwilligers.

Voor de wandeltocht meldde zich een record aantal deelnemers. Groot en klein genoot van de tocht die via Mts. Huitema naar Eemswoude ging. Enkele verdwaalde wandelaars werden door Yeb teruggehaald en weer op het rechte pas gebracht. Bij Yeb kon nog een spelletje worden gedaan en bij Anneke en Bouwe Speerstra stond een drankje voor de liefhebber en die bleken er genoeg te zijn! Ook hier willen we iedereen bedanken die toestemming gaf om door haar/zijn land te lopen.

De kinderdisco was al even succesvol. Jongens en meisjes met hoogrode kleuren en natte haren van het zweet hingen aan het eind van hun avond uitgeteld in de stoelen en aan de bar. De meesten van hen hadden 's middags ook al gewandeld en waren afgepeigerd, zodat het slapen gaan weinig problemen opleverde en de ouders naar het Waltahus konden gaan voor hun feestje. Karaoke voerde de boventoon, maar er kon ook worden gedanst, een babbeltje gemaakt of gewoon lekker hangen aan de bar.

Al met al een leuke koninginnedag en we gaan nu op naar het dorpsfeest dat dit jaar in het teken staat van de zeskamp, waar we deze keer een onderdeel hebben vervangen. De quiz komt te vervallen en hiervoor in de plaats komt een kinderoptocht, om zo ook de kleintjes te betrekken bij de zeskamp. Het thema van dit jaar is: "Sprookjes." Een ruim begrip, om zo iedereen de kans te geven om zich uit te leven. We gaan ervan uit dat de captains van vorige jaren zich weer beschikbaar stellen, zo niet dan willen ze misschien zelf voor een vervanger zorgen. Voor vragen kunnen jullie altijd terecht bij het bestuur. Tot ziens!

SIMMER 2000 in Tjerkwerd e.o.

Fryslân viert het millennium in juli 2000 met een grote reünie van iedereen die zich met deze provincie verbonden voelt. In de zomer van 2000 worden emigranten en hun nazaten terugverwacht. Voor iedereen die z'n wortels in Fryslân heeft is het dan tijd om terug te keren. Ook de Friezen in de rest van Nederland horen daarbij en al diegenen die een band met de provincie Fryslân heeft. In 218 dorpen in steden, vinden reünies en festiviteiten plaats in de periode van 1 juli t/m 22 juli 2000. Het jaar 2000 markeert een nieuw begin en tevens een afsluiting. Het zal ongetwijfeld in het teken staan van toekomstverwachting, maar ook een terugblik op het verleden.

Ook Tjerkwerd zal aan dit festijn z'n steentje bijdragen. In overleg met de Oranjevereniging is besloten om het Dorpsfeest en Simmer 2000 gelijktijdig te laten plaatsvinden en wel op:

13, 14 en 15 juli 2000

(donderdag, vrijdag, zaterdag)

waarbij **vrijdag 14 juli** volledig in het teken zal staan van Simmer 2000.

Voor de invulling van het programma is sinds eind mei een comité opgericht welke bestaat uit de volgende personen:

<i>Voorzitter:</i>	Anneke Feenstra
<i>Vice Voorz:</i>	Jan Blanksma
<i>Penningmeesters:</i>	Jaap van Lingen en Fokko Rollema
<i>Secretariaat:</i>	Betty Jellema en Baukje Kootstra
<i>PR:</i>	Jelle Feenstra
<i>Aanspreekpunten:</i>	Riet Bruinsma (Jonkerhuizen, Hemdyk, Rytseterp, Dedgum en Arkum) Bertus Walsma (Ymswoude en Beabuorren)

Via verschillende kanalen zult u op de hoogte worden gehouden van het programma en wordt er ongetwijfeld nog een beroep op u gedaan om deze festiviteiten mogelijk te maken (vrijwilligers, logies, sponsors etc.). Ook suggesties en ideeën zijn welkom en kunt u doorgeven aan het comité

Tevens kunt u aan familie, vrienden en kennissen in binnen- en buitenland de nodige informatie en periode doorgeven wanneer Tjerkwerd e.o. haar (oud) inwoners terugverwacht.

Voor de Websurfers (Internet) onder ons: informatie over Simmer 2000 is na te lezen op:
www.simmer2000.nl E-mail: fryslan@simmer2000.nl

Namens het Tjerkwerd Simmer 2000 comité
Baukje Kootstra

In groetnis út Norge

Kjoere beboer til Tsjerkwert,
Beste Dorpsgenoten,

Via het Skieppesturtsje hebben jullie kennis met ons gemaakt toen we in Tsjerkwert kwamen wonen en via het dorpsblad nemen we ook weer afscheid van jullie.

Na ruim 6 jaar hier te hebben gewoond is het dan eindelijk zover dat we écht gaan emigreren naar Noorwegen.

Harold heeft daar een fijne baan gevonden en heeft het daar erg naar de zin. Ondanks dat we hier heel prettig hebben gewoond is de drang naar Noorwegen toch sterker.

Helaas moeten we hier het een en ander achterlaten maar hebben we er tegelijkertijd ook erg veel zin in om daar opnieuw te beginnen.

We komen te wonen in het dorpje Skjåk (sjok) en ligt $\pm$ 60 km. ten westen van O Ha, in het dal tussen de Jotunheimer en het Dovrefjell.

Ik wil graag iedereen bedanken voor alle vriendelijkheid en behulpzaamheid die we van jullie ontvingen ook namens Harold die al enige weken in Noorwegen woont en onverwacht niet meer van iedereen afscheid heeft kunnen nemen.

Vennlig
Hilsen fra Harold, Marja , Gerrit og Rein

Ha det bra! På gjansyn!

Boargerlike stân

Meidielings foar dizze rubryk graach skriftlik oan 'e redaksje

Berte

Jeuwen

Tankber en tige wiis binne wy mei de berte fan ús jonkje

lizze efter ús

wat komt jout wolris noed

ar dit momint is sa weardefol

God skoep in minske

Hjoed

Michiel

Wieger en Foke de Jong-Visser

17 maart 1999

Sylroede 37

8765 LW Tsjerkwert

0515-579866

Vol vreugde verwacht

met liefde ontvangen

Ons kindje klein

vaar we heel dankbaar voor zijn

Dankbaar en blij zijn wij met de geboorte
van onze zoon en broertje

Arjen Olof

Wij noemen hem Arnold

Arnold

15 juni 1999

Johan en Klaske

Huitema-Veninga


Lianne, Thomas

Waltaweg 9

8765 LM Tjerkwerd

Tel. 0515-579157

Ferstoarn



Op 12 april 1999 ferstoar Marijke Julie Blokker, better bekend as Phün van den Berg . Jierrenlang hat hja meiwurke oan de Skieppesturtredaksje. Op 17 april hat de routsjinst west yn 'e tsjerke van Tsjerkwert. Phün is 81 jier wurden.

Ferhuze

Harold en Marja Heeringa

Waltawei 37 is wurden: Skjak (Oppland) Norge

P.S. Hja ferhúzje noch fierderop!

Ineke en Jan Dijkstra

Sylroede 5 is wurden: It Swee 1, 8604 VR Snits (tel. 0515-425826)

Bedankjes

Hierbij wil ik iedereen bedanken voor de vele kaarten, bloemen, fruit en de belangstelling die ik gekregen heb tijdens mijn verblijf in het ziekenhuis in Sneek en Groningen en bij thuiskomst.

Ook namens mijn vrouw nogmaals heel hartelijk bedankt.

Wieger en Baukje Bakker

Tidens myn ferbliuw yn it sikenhûs en by myn thúskomst haw ik kaarten en blommen fan jim krigen.

Ek binne der in protte minsken west.

Ek nammens myn frou wol ik jimme tige tank sizze hjirfoar.

Sybren en Anny Hiemstra
fan. Panhuyswei , Tsjerkwert

Graach wolle wy jimme allegearre tige tank sizze foar alle kaarten, blommen en kado's dy't wy krigen hawwe nei de berte fan Michiel.
Geweldig!

Wieger en Joke de Jong- Visser

1974 - 1999

Na een kwart eeuw lief en leed met elkaar gedeeld te hebben,
willen wij op deze manier de buurt bedanken voor alles wat jullie voor
ons betekend hebben.

Phün en † Gé

Opbringsten Kollektes

De actie voor het Astmafonds in het kader van de landelijke inzameling , in
de week van 3-11 mei heeft in Tjerkwerd een bedrag opgebracht van
f.395,--

Tetje en Marieke bedankt voor jullie inzet en iedereen die door een
financiële bijdrage deze collecte heeft doen slagen.

Namens het Astmafonds bedankt. Doetie Bakker

De opbrengst voor de collecte van het Nationaal Fonds Kinderhulp heeft in
Tjerkwerd e.o. f. 360,35 opgebracht.

Alle gevers heel hartelijk dank; zo ook de collectanten Thea Zysling, Toos
Buma, Geartsje Postma, Hinke Brandsma , Nelly Walsma, Tea Huitema die
ook dit jaar hun medewerking weer hebben verleend.

De plaatselijke organisatie, Aggie Ouderkerken

U heeft onlangs uw medewerking verleend aan de jaarlijkse collecte van UNICEF in de gemeente Wûnseradiel. De totale opbrengst was dit jaar f. 6.151,10 , van Tjerkwerd was dit f. 242,15
Hartelijk dank voor uw bijdrage.

UNICEF comité Makkum.

Nationale collecte Epilepsiebestrijding.

De collecte van het Nationaal Epilepsie Fonds- De Macht van het Kleine, die plaatsvond van 31 mei t/m 5 juni 1999 heeft in Tjerkwerd f. 460,40 opgebracht.

Met de opbrengst van deze collecte kan daadwerkelijk aan de bestrijding van epilepsie worden gewerkt.

Namens alle mensen met epilepsie, hartelijk dank aan de gevers!

Bydragen

De vrijwillige bijdragen zijn binnengekomen van :

A. van Lingen, Singel; B. Speerstra, Eemswouderlaan; B. Burghraef en G. Burghraef, Bolsward; W. Hekkema, Sylroede; S.B. Bouma, Kerkstraat; Fam. J. Twijnstra, Eemswoude; G. Dijkstra, Waltaweg; P. Tolsma, Baburen; D. Bakker- de Jong, Arkum; H. Bakker- van Rijs, Kerkstraat;

H. Speerstra, Heerenveen; Mw. A. Gietema, Waltaweg; Fam. C. Dekker, Sylroede; Mw. de Boer, Bolsward; O. Jorritsma, Twijzel; D. Jorritsma vanuit het verre Oregon- Amerika

Heel hartelijk dank voor jullie bijdrage namens het Skieppesturtsje!

Parodialoop

Lusthof en Oord aansprekende winnaars in Tjerkwerd

Jelte Steur in kielzog van topatleten naar supertijd in de 14^e Parodialoop

Matthijs Lusthof uit Sneek heeft op zondagmiddag 25 april in Tjerkwerd de veertiende Parodialoop gewonnen. Hij legde de 7,3 kilometer, voerende via het traject Tjerkwerd-Parrega-Dedgum-Tjerkwerd, af in een tijd van 26 minuten en 4 seconden. Zijn stadgenoot Freark Kaspersma werd tweede in een eindtijd van 26.50.

De winnaar van vorig jaar, Gerrit kramer uit Bolsward, deed ditmaal niet mee maar was als toeschouwer aanwezig. Hij moest nog bekomen van de inspanningen van de halve marathon van Bolsward, die een dag eerder plaats vond. Kramer 's parcoursrecord in Tjerkwerd, 24.15 minuten, bleef op de klokken staan.

Bij de vrouwen ging de zege naar Minke Oord uit Joure. Zij liet een tijd van 33.24 minuten klokken. Daarmee werd Oord de snelste dame ooit in de Parodialoop. De inmiddels 11 jaar oude toptijd van de Bolswardse Anita Jorna (35.20) verdween eindelijk van de eerste plaats.

De Parodialoop blijft nog steeds groeien. Een recordaantal van 61 deelnemers verscheen ditmaal aan de start, waaronder vele Friese toppers.

Het aantal Tjerkwerders dat aan de loop meedoet, bleef redelijk stabiel. Met de jaarlijkse komst van allerlei provinciale toppers naar Tjerkwerd is de kans op een overwinning van een Tjerkwerder natuurlijk steeds kleiner

aan het worden. Gelukkig viel er toch nog een overwinning uit eigen dorp te begroeten en wat voor één.....Bij de jongens tot en met 16 jaar won namelijk Jelte Steur uit Tjerkwerd. Deze zeer talentvolle atleet ging vanaf de start brutaal mee in het kielzog van de senioren-toppers. Zijn grote concurrent bij de junioren, Peter Nauta uit Bolsward (die vorig jaar bij afwezigheid van Jelte de titel won), werd door hem op grote afstand gezet. Met zijn scherpe eindtijd van 27.18 minuten (juniorenrecord) was Jelte bij de senioren zelfs vierde geworden!

Snelste meisje (t/m 16 jaar) in Tjerkwerd was Marieke Nauta uit Bolsward. Er deden in totaal ruim zestig deelnemers mee aan de Parodialoop. Twee trimmers raakten vanwege het broeierige weer door de hitte bevangen en moesten uitvallen. Gelukkig liep het goed af met deze sporters.

Na afloop van de loop vond de prijsuitreiking plaats in dorpshuis It Waltahûs. Betty Jellema en Bert Miedema, die Tjerkwerd gedurende de loop van een schitterend live-verslag uit de koers hadden voorzien, werden eveneens in het zonnetje gezet. Ook de oudste deelnemer, de 76 jarige (!) Wybren Visser uit Harlingen, kreeg als veteraan een leuke attentie.

Het organisatiecomité (Broer Feenstra, Jaap van Lingen en Meinze Bakker) kan terugzien op een prima verlopen Parodialoop. De organisatie verliep bijna vlekkeloos, vooral dankzij de geweldige inzet van alle vrijwilligers. Durk Bakker (startschot), Hinke Brandsma (EHBO), Doede Wijngaarden, de familie Witteveen, Fokko Rollema, Joke en Ids Schukken, Gerben Dijkstra en andere vrijwilligers: daarvoor nogmaals hartelijk dank! Hopelijk kunnen we volgend jaar weer op dergelijke vrijwilligers rekenen, wanneer de 15° Parodialoop zal worden gehouden. Hopelijk doen er dan nog wat meer Tjerkwerders mee. Een ding is inmiddels zeker: Tjerkwerd heeft een vaste plaats op de trimlooptkalender in Friesland gekregen.

De eerstvolgende wedstrijd die de moeite waard is voor Tjerkwerders om mee te doen is de trimloop van Roodhuis (10 kilometer) op 5 september.

Begin alvast te trainen of blijf doortraineren voor deze sfeervolle loop, die wordt georganiseerd door oud-Tjerkwerder Meinze Bakker.

Uitslag 14^e Parodialoop

HEREN

nr.	naam	woonplaats	tijd
01	Mathijs Lusthof	Sneek	26.04
02	Freark Kaspersma	Sneek	26.50
03	Gerben Hilverda	Bolsward	27.10
04	Gerrit Duits	Sneek	28.09
05	Bouke de Jong	Bolsward	28.11
06	Willem Radelaar	Bolsward	28.11
07	Aise Bouma	Skuzum	28.40
08	Duco Zijlstra	Lekkum	29.07
09	Fimme Hilverda	Bolsward	29.29
10	Hette Bakker	Lippenhuizen	30.20
11	Cor van Sluis	Franeker	30.21
12	Henk Nauta	Bolsward	30.38
13	Jan Jellema	Sneek	31.30
14	Age Bangma	Bolsward	32.01
15	Tonny Witteveen	Tjerkwerd	32.07
16	Jaap Ypma	Greonterp	32.09
17	Marten van der Wal	Heidenskip	32.17
18	Chris van den Akker	Workum	32.18
19	Sjoerd Hiemstra	Workum	32.30
20	Rein van der Wal	Workum	33.09
21	Jan Lettinga	Terschelling	33.20
22	Sjoerd Bakker	Goutum	33.40
23	Ate Altenburg	Roodhuis	34.05
24	Jacob Hofstra	Tjerkwerd	34.11

25	Klaas Duits	Sneek	34.35
26	Adam Poelstra	Dedgum	34.54
27	Evert Bakker	Tjerkwerd	35.20
28	Peter Bakker	Bolsward	35.20
29	Theo Wester	Hindeloopen	35.30
30	Epheus Jorritsma	Waaxens	35.38
31	Broer Feenstra	Dronrijp	35.41
32	Jan Germ Strikwerda	Burgwerd	36.11
33	Meinze Bakker	Roodhuis	37.04
34	Rinny Jellema	Sneek	37.09
35	Jelle Feenstra	Tjerkwerd	40.13
36	Meindert Roosjen	Leeuwarden	41.10
37	Oeds Broersma	Goenga	42.21
38	Douwe Pitstra	Leeuwarden	44.48
39	Wiebren Visser	Harlingen	55.50

JONGENS tot en met 16 jaar

<u>nr</u>	<u>naam</u>	<u>woonplaats</u>	<u>tijd</u>
01	Jelte Steur	Tjerkwerd	27.18
02	Peter Nauta	Bolsward	30.02
03	Sjoerd Bakker	Dedgum	32.40
04	Seacle Witteveen	Tjerkwerd	32.42
05	EduardWitteveen (waltaw)	Tjerkwerd	35.03
06	Reimer Strikwerda	Burgwerd	35.08
07	Auke Walsma	Tjerkwerd	35.28
08	Rein Bakker	Dedgum	37.22
09	Age Gietema	Tjerkwerd	40.29
10	Brandt Volbeda	Tjerkwerd	55.09

DAMES

<u>nr</u>	<u>naam</u>	<u>woonplaats</u>	<u>tijd</u>
01	Minke Oord	Joure	33.24
02	Hester Groenveld	Bolsward	36.10

03	Astrid Zijlstra	Lekkum	39.32
04	Johanna de Vries	Oudega-W	39.50
05	Hieke Bootsma	Witmarsum	42.23
06	Lysbeth Reienga	Roodhuis	44.38

Van de meisjes hebben we geen uitslag ontvangen.

GGD Fryslân

Op 1 juni 1999 gaan fuseren de.


GGD de Friese Wouden;
GGD Noord Friesland;
GGD Zuidwest Friesland.

Vanaf die datum is onze naam GGD FRYSLAN.

Ons postadres is:

GGD Fryslân
Postbus 612
8901 BK Leeuwarden

Telefoon: 058- 2334334
Telefax: 058- 2136488



Stichting
Kinderopvang
Zuidwest
Friesland



Gastouderschap iets voor u ?

Steeds meer mensen in uw gemeente maken gebruik van gastouderopvang via de Stichting Kinderopvang Zuidwest Friesland. Om aan deze groeiende vraag te kunnen blijven voldoen zijn er gastouders nodig.

Heeft u er wel eens over nagedacht of het wat voor u zou zijn?

Wat is een gastouder ?

Een gastouder is iemand die naast haar eigen huishouden en /of werk het leuk vindt om op andermans kind of kinderen te passen. Dit kan in uw eigen huis, maar ook in het huis van het kind.

En wist u dat.....

- jezelf als gastouder aan kunt geven wanneer en hoeveel uur je wilt werken
- dat het goed te combineren valt met je eigen gezin
- dat je eigen kind(eren) er ook erg van kunnen genieten
- je als gastouder een vast bedrag per uur per kind verdient en je aardig wat mag verdienen voor je er belasting over moet betalen
- het gastouderbureau gratis materiaal uitleent als je dat nodig hebt zoals een box, een kinderstoel, fietszitjes, een buggy enz.
- je altijd terug kunt vallen op een vaste consulente bij vragen of problemen

Kortom.....

Hebben we uw interesse gewekt en zou u graag meer willen weten , vraag dan vrijblijvend ons informatieboekje aan.

Stichting Kinderopvang Zuidwest Friesland
Hertekampsreed 1 b
8748 BK Witmarsum
Tel: 0517 - 532084



Teatergroep "SULT" mei produksje "*Sult op Sjou*"

Nei it spektakelstik "AJAKS" op het Murnzerklif, sil teatergroep SULT (Súdwesthoeke lokaasje teater) op reis troch de Súdwesthoeke mei harren toanielproduksje "*SULT op Sjou*". Dat betsjut dat it publyk dit kear net nei SULT ta komt, mar dat SULT nei it publyk ta giet. Fan maaie ôf oant oktober sille de minsken fan SULT mei in bus fan plak nei plak reizgje. D'r wurde twa ienacters spyle. De iene foarstelling spilet him yn 'e bus ôf, de oare yn it doarpsûs of kafee. Tegearre makket dat in jûnfoljend programma foar it publyk, dat healwei de jûn fan lokaasje wikselt.

Yn beide stikken, '*De man yn 'e bus*' fan Suzanne van Loohuizen en '*De stille besoarger*' fan Harold Pinter, giet it om minsken dy't, ynsletten yn harren wrâld, wrakselje om de driging fan bûtenôf út te sluten. It publyk wurdt part fan it wrâldsje fan in tal minsken, wêr't de striid mei en tsjin eigen tinkwize, fantasije en ferbylding folop oan 'e gong is.

Troch mei te gean mei de personaazjes sil it publyk de wille en de earnest oan 'e hûd fiele kinne. Want: wat docht dy man yn dy bus? Wat hawwe dy twa froulju krekt mei him te krijen? En wat spoekje dy oare twa minsken dêr yn dat kafee út? Wat is werklikheid en wat is ferbylding? Fragen wêr't jo faaks andert op krije as jo nei en mei SULT OP SJOU geane.

Hjirûnder folget de rige fan de spyldagen en spylplakken:

8 maaie	Hemelum	(kafee de Driesprong)
13,14 en 15 maaie	Rijs	(de Teatertún)
21 en 22 maaie	Koudum	(de Klink)
28 en 29 maaie	Hielpen	(de Fûke)
18 en 19 juny	Drielst	(mole deRat)
25 en 26 juny	Aldegea(G.S.	(de Skeakel)
2 en 3 july	Bakhúzen	(de Gearte)
9 en 10 july	Harich	(Ons Gebouw)
10 en 11 septimber	Ferwâlde	(de Djippert)
17 en 18 septimber	Skarl	(pleats fam. Bauer)
24 en 25 septimber	Aldemardum	(it Klif)
1 en 2 oktober	Balk	(kafee Boonstra)
8 en 9 oktober	Molkwar	(de Doarpskeamer)
14, 15 en 16 oktober	Warkum	(bistro De Waegh)

Op 6 maaie is ^{de}première yn Himmelum. Yn ferbân mei it beëind oantal sitplakken, is it net mooglik foar dizze dei kaarten te bestellen.

Reserfearring kaarten op: Freed 16 april fan 18.00 oant 22.00 oere
Sneon 17 april fan 10.00 oant 17.00 oere

Tillefoannûmer: 0900 - 2025306

Snypsnaren

De redaksje hat de fam. Dijkstra yn harren nije wente yn Snits opsocht. In skitterend hûs. Mei in moaie erker, keunststofkezinien, in garaazje mei souder, in romme tún oan it wetter ensfh. En 'het heilige der heiligen' neffens Jan is syn eigen biljertkeamer mei in prachtige antike tafel. Sa grut dat de mini derûnder parkeard wurde kin. Leafhawwers en oare belangstellenden; allegearre tige wolkom foar in bakje leut.

H. Huitema hie grif de film 'cliffhanger' yn gedachten, doe't er op baaislippers by it dak opklattere. De kat siet op 'e naad fan it dak en kaam der net ôf. Wylst syn Thea him entûsjast oanwizings joech, rêde de dappere 'fidler on the roof' it benaude katsje. De berchskuon koenen dêrnei al yn't jiskefet.

In part fan in sportfjild is de freedtemiddeis it domein fan in tal fanatike 'jeu de boulers' oftewol klootsjitters. Dy binne net sa min. P. Tolsma en O. Postma binne oaninoar weage. It is 'ferbaal' dochs al wat in nûver spultsje. 'Moast dy kloat dêr no lizzen sjen....., wachtsje mar eefkes; ik pak dy kloat wol...'

Yn it doarp e.o. is atelier 'de hekserij' no al in begryp. Allerhanne nifeltsjes en keunstwurkjes foar yn of om it hûs (benammen de tún) binne te besjen en / of te keap. Op de iepen dei kaam der in protte folk oer de tsjerkeflier. Dy Akke, da's in echte tsjoenster hear !

De rommelmerke is yn ferbân mei de wurksumheden by Haarsma útsteld nei septimber. Gietema hat in diel fan it âldguod yn de skuorre lizzen. 'Ik krij de keapers no al oan de doar. Noch eefkes en al it moaie guod is ferkocht !'

Us dummy sil oer in pear moanne nei Alphen aan de Rijn. Ik tink dat er tige mist wurde sil. Net allinne fanwege syn kwaliteiten as man fan de tsjerke, mar ek as man fan wit ik hoefolle sporten; hurddraave, fytse, skeelerje, reedride... Yn himd en op gymyps fleach dummy hast alle dagen troch de buorren.

By Jonkerhúzen batste de auto fan Nieboer tsjin dy fan de Gaastra's oan. It wie in flinke klap, maar beide sjauffeurs kamen mei de skrik frij. Gelokkich mar!

Master Bert Steen hat in nij wurkplak krigen yn Boalsert. De man dy't ea de nasjonale priis 'it sulveren krytsje' wûn, ferlit nei sân jier 'de Reinbôge'. Foar de bern in ûnderwiisman yn ieren en sinen. Noait wie er betiid, mar altyd op 'e tiid, sels as er wat let wie...!? Lokwinske mei dyn nije baan, in soad súkses tawinske !

Joh. Dijkstra fesoarge in pear jonge hoarnûltsjes, dy't út de beam klattere wienen. Fûgelman de Jong hat him dêrby advyzen jûn. De junge ûlen wurde 'takkelingen' neamd sadree't se it nêst ferlitte, mar noch net fuortfleane. It is mar goed dat der gjin 'hokkelingen' yn beammen sitte! Dan hiest al wat oars op 'e kop krigen, Johannes?

In hynder fan Haarsma wie yn 'e sleat rekke. Sels mei man en macht slagge it net om it earme bist op it droege te krijen. Gelokkich wie de shovel al sterk genoch!

By Bakker yn Dedzjum rekken ek in pear hynders fan 'e slach. It skriktrie wie it euvel. It heale doarp fleach it lân yn om te helpen, Jehannes draafde foarop. Wyld west yn Dedzjum!

It hûs fan Schakel oan de Sylroede wurdt opnij foege. 'Earst moatte jo útfoegje, dêrnei wer ynfoegje', sei Hille. On nee, dat hiet hjoed ritsen. It hûs fan Schakel oan de Sylroede wurdt opnij ritst. Sa is't en net oars.

Ineke hat de redaksje ferlitten, se wie it keningintsje fan ús sturten. Th. Huitema sil har plak oernimme. Ineke, tank foar alles...! Thea, hertlik wolkom yn ús fermidden.

Kopy en snypsnaren graach foar 27 septimber

